

Swingel

“Praat mar Frysk”

Elts wa't wend is Frysk te sprekken
hoecht him hjir net te ferbrekken

“Wy helpe jo graach
yn it Frysk”

“Frysk is hjir ^{tijs} wolkom”

“Wy prate hjir ^{graach} Frysk”

yn dit nûmer û.o.:
De seediken en it Frysk
Taalswierrichheden
De aparte posysje fan Omrop Fryslân
Ynterfryske ûnderwiismoeting yn oktober
Jierferslach 2006
Nije stickers!

Fan de redaksje

In aparte foarkant, dizze kear! Dy is fansels net bedoeld om de Swingel-lêzers oan te setten om Frysk te praten, mar wol om harren witte te litten dat der wer oanplakplaatsjes binne. Ien dêrfan is by dizze Swingel ynsletten. Hoe't se te krijen binne, stiet efteryn te lêzen, dêr't ek folle mear nijs oer de Ried sels stiet.

Mei sjerp kinne jo makliker miggen fange as mei jittik, mar, seit **Jabik van der Bij** yn syn skôging nei oanlieding fan de net al te bêste situaasje fan it Frysk, jo moatte de kop net yn it sân stekke. Hy behellet dêr twa aktuele publikaasjes yn: de analyse fan it ynspeksjerapport 'Frysk op skoalle', dy't Koen Zondag en Jehannes Wijngastra yn 'De Pompblêden' skreauwen en

'De miskende taaiheid fan it Frysk' fan Bertus Mulder.

It giet ek net goed mei de Fryske boaiem. As dêr neat oan dien wurdt, skriuwt **Geeske Krol**, makket de Ried fan de Fryske Beweging him om 'e nocht drok foar de Fryske taal en kultuer. Dy binne keppelen oan de grûn, mar as dy der net mear is, is it út mei it Frysk.

Tom Dykstra tinkt noch wat nei oer de sprekkerij fan Abram de Swaan. Hy wie wol yn De Bres, mar hy stiet net op 'e bres foar it Frysk.

Wat langer wat mear meitsje wy fan it Frysk in dialekt fan it Hollânsk. Dat komt trochdat, benammen de jongerein, sterk troch it Hollânsk beynfloede wurdt en trochdat ûnderjocht yn it Frysk ûntbrekt of tekoart sjit. In soad minsken wol Frysk prate, tinke ek dat se dat dogge, mar eins prate se oersetten Hollânsk. Foar in part uteret him dat yn de folchoarder fan de wurden yn in sin. **Sytze Hiemstra** giet dêr djip op yn. In learsume les.

Omrop Fryslân is net sa mar in regionale omrop. Binne de politisy en is de Omrop sels wol goed op 'e hichte fan de bestjoersôfspraken dy't dêr oer makke binne? Yn 'Alwer in hynder yn 'e sleat' ropt **Jabik van der Bij** it alle-gearre wer yn it sin. De Omrop moat der ek noch mar ris goed oer nei tinke.

Dy bestjoersôfspraken (it giet oer de Tredde bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer) hat mear konsekwinsjes as politisy, ynstellingen en bedriuwen har bewust binne. Dat docht ek bliken út de ûnderfining dy't **Tom Dykstra** mei it Wetterskip hie.

Graach ek omtinken foar alle berjochten en ferslaggen. Tink om de Riedsgearkomst, dy't op **26 oktober (!)** holden wurdt.

Op 1 desimber kin Swingel nûmer 19 ferwachte wurde. De kopij dêrfoar moat 15 oktober by de redaksje wêze.

Jan Breimer, redakteur.

Kolofon

Swingel is in útjefte fan de Ried fan de Fryske Beweging en ferskynt 3x yn it jier

Redaksje- en administrasjeadres
Keetwâltsje 1, 8921 EV Ljouwert
E-post: info@fryskebeweging.nl
telefoan en faks: 058-213 89 13

Meiwurkers oan dit nûmer
Jabik van der Bij, Tom Dykstra, Gryt Elsinga, Sytze T. Hiemstra, Geeske Krol-Benedictus, Renze Valk

Foto/yllustraasje foarside
Studio van Stralen BNO/Hanzedruk

Einredaksje
Jan Breimer, redaksje@fryskebeweging.nl

Foarmjouwing
Studio van Stralen BNO, Grins

Printer
Hanzedruk, Boalsert

Advertinsjeprizen
op oanfraach

Stiperskip/lêsjild
Stipers fan de Ried fan de Fryske Beweging krije Swingel fergees yn 'e bus.
Stipersjild: € 20,00 jiers.
Jongerein oant 25 jier: € 5,00 jiers.
Fan 25 jier ôf groeit dat alle jierren mei € 2,50 nei € 20, - it jier.
Losse nûmers: € 4,50

ISSN nûmer: 1567-9632

Ried fan de  **Fryske Beweging**

Keetwâltsje 1
8921 EV Ljouwert

De kop yn it sân

Der wurdt yn Fryske fermiddens al in skoft pleite om posityf oer de hjoeddeistige posysje fan de Fryske taal te praten. Der is te folle ‘definsyf gedrach’, wurdt der dan sein. Der wurdt te faak oer de negative kanten praat en wat wol berikt is kriget te min omtinken. Sizze dat Frysk ‘fun’ is helpt mear as deroer krimmenearje dat it sa hurd efterút giet mei it Frysk. Der wurdt dan op wiisd dat der al hûndert jier foarsizings binne dat it hast dien is mei it Frysk. Fan al dy tryste ferhalen is ommers neat útkommen.


It is wier: der binne wier wol positive saken op te neamen. Dat sa’n fyftich pjutteboartersplakken har om it Frysk bekroadzje is prachtich. Juridysk hat it Frysk noch nea sa goed regele west en yn it deistich libben ropt it Frysk hast gjin wjerstannen mear op lykas it wol west hat. Dat sprekt bewegers oan. It is wier: mei in optimistyske hâlding berikke jo faak mear as mei in swart gesicht roppe dat it foarhinne allegear better wie. Mei sjerp kinne jo makliker miggen fange as mei jittik.

Der is neat op tsjin om fertrouwen yn de takomst te hawwen. Oan ‘e oare kant moat soks net liede ta wat dy fûgel mei de lange hals docht: de kop yn it sân stekke. Minder positive ûntjouwings moatte net mei opset sin oer de kop sjoen wurde omdat it jin net yn

de strategy te pas komt. Krekt oer dat lêste meitsje ik my ûngerêst (mar dat mei yn it positive tinken ek net mear...).

Myn ûngerêstens krige in nije ympuls troch de analyse fan de sifers fan it ynspeksjerapport ‘Frysk op skoalle’ yn ‘De Pompeblêden’ nû. 2 fan 2007. De konklúzje fan Koen Zondag en Jehannes Wijnstra is in befêstiging fan it bekritisearre rapport fan Driessen fan de Radboud Universiteit, dêr’t yn steld wurdt dat it tal Friezen dat thús Frysk leart sûnt 1990 mei hast 20% werom rûn is; it soe no op 41% sitte. Ut de

analyze fan de ynspeksjesifers komt it selde byld nei foaren: tsjin 43% fan de bern wurdt thús Frysk praat. Al earder hiene Renze Valk en ik yn ús dissertaasje (2005) konstatearre dat it Fryskpraten tsjin de bern yn de húshâlding hurd ôfnimt (grafyk 1). Yn dy grafyk binne de sifers fan *De Friezen en hun taal* (1969) en *Taal yn Fryslân* (1984 en 1995) ferlike mei de situaasje yn 1997 en yn 2002. De sifers fan 1980 en letter binne de sifers fan de leeftiidsgroep 12-19 jier. *Taal yn Fryslân* fan 1995 skriuwt “dat der stabiliteit bestiet foar de behearsking fan it Frysk” (side 16). Dy konklúzje kin lutsen wurde as men allinne nei de útkomst fan alle



Grafyk 1: Frysk ferstean, prate en 1e taal

leeftiden trochinoar sjocht. Foar de jongerein fan 12-19 jier jildt dat perfoarst net as jo de ûndersiken fan de lêste jierren ferlykje. Benammen mei de oerdracht fan it Frysk yn de húshâlding giet it hurd efterút. Dat sit by de measte húshâldingen no om de 40% hinne. Wat de behearsking oanbelanget moatte de sifers ek mei de nedige foarsichtigens brûkt wurde. Dy binne makke op grûn fan de antwurden fan de ûnderfrege bern. Mei oare wurden de antwurden binne subjektyf. Der is net ûnôfhinklik fêststeld yn hoefier't immen Frysk prate of lêze koe. Ut oare ûndersiken is wolris ûndersteld dat minsken nochal optimistysk binne oer har behearsking fan in frjemde taal.

Ut de fragelisten docht neffens Wijnstra en Zondag bliken dat de eroazje fan it Frysk grutter is as de oanwaaks. “Yn mear as in fjirde part fan de gefallen dat de heit of de mem yn it Frysk (of op syn minst twatalich) grutbrocht is, praat dy persoan gjin Frysk mei syn of har bern en dêr steane mar in pear gefallen fan oanwaaks foar oer.” Wat mannichien al miende waar te nimmen: op de skoalpleinen wurdt folle minder Frysk praat as eartiids, blykt – benammen yn de wat gruttere plakken – ek út de ynspesjesifers. Dat taast fansels de fitaliteit fan in taal bot oan. Dêr't de taal net mear oerdroegen wurdt en dêr't de bern dy taal net mear mei elkoar prate is gjin takomst foar dy taal.

It is dan ek spitich dat Bertus Mulder yn syn boek **De miskende taaiheid fan it Frysk** (Frieze Pers Boekerij, Ljouwert 2007) as deputearre gjin each hân hat foar de feroare werklikheid sa't dy û.o. blykt út de sifers yn it ynspesjerapport. It is te simpel om alles wat jo net noasket of wat net yn jo kream te pas komt, te diskwalifisearjen mei “alle sabeare ûndersiken” (side 20).



Jo kinne wol roppe dat it Frysk sa taai is, mar it liket dan wat op it jonkje dat foar oare jonges útnaait en ropt dat er net bang foar harren is.

Eltsenien sil it der oer iens wêze dat Bertus Mulder syn bêst dien hat foar it Frysk, mar jo binne krekt grut as jo tajaan kinne dat it jo dochs net slagge is om in negative spiraal troch te brekken. It Frysk wurdt der mear mei holpen as nofter fêststeld wurdt wêr't de oast sit as troch te roppen dat alles sa

trefflik is en dat jo as deputearre sa'n sukses hân hawwe. Krekt as jo tajouwe dat it brûken fan it Frysk yn de deistige omgong wat feroarje moat, kinne jo sykje nei middels dy't dêr feroaring yn bringe. No liket it op 'peptalk' lykas Balkenende mei syn “laten we weer trots zijn”. Jo kinne wier wol optimistysk wêze ek al brûke jo gjin 'peptalk'.

De kop yn it sân stekke sil it Frysk wis en wrachtich net helpe.

Seediken, boaiem en it Frysk

Geeske Krol-Benedictus

Hat it sakjen fan de boaiem om Frjentsjer hinne wat mei de Fryske taal út te stean? Geeske Krol, lid fan de Ried fan de Fryske Beweging, fynt fan wol. Se leit út hokker ferbân der is en dat de Ried fanwegen komme moat.

Doe't ik earne stie te wachtsjen, hearde ik skean achter my as antwurd op in bekende fraach sizzen: "Uit het win-gewest Fryslân; wel de lasten, niet de lusten." No, no, dy seit it mar op, tinkt men dan. Mar it skeat my wer yn 't sin, doe't lêstendeis Houtenbosch op NOVA oan it wurd wie oer de sifers fan de boaiemdelgong troch it winnen fan gas by Frjentsjer. Neffens de mjit-metoaden dy't de NAM brûkt, binne dy folle hegere as ferwachte wie.

No tinkt men hast fanselsprekkend dat ús oerheid har boargers wol beskermje sil tsjin gefolgen fan it boaiemsakjen en in hegere seespegel. Mar is dat wol sa fanselsprekkend?

Botte royaal blykt it Ryk net te wêzen as it oer skea oan seediken troch it winnen fan gas en salt giet. De omkearde bewiislêst is net yn de myn-

wet opnommen en skea fergoedzjen fanwegen it winnen fan gas moat foar de helsdoarren weihelle wurde.

Boppedat kin men jin ôffreegje hoe ûnôfhinklik in ûndersyk is as de mate-

rialen dêrfoar by winningsmaatskip-pijen weikomme en de opdrachtjou-wer fan it ûndersyk en behearder fan it materiaal – de steat – ek sels belang-hawwende is. Opfallend is ek dat net it

ministearje fan Ferkear en Wettersteat mar dat fan Ekonomyske Saken it wurd fiert as it oer dy sifers giet. Binne dy bedriigjend foar it trochgean mei win-nen, dan besiket in ministearje om se ûnderút te heljen.

It kaartsje yn de LC oer it takomstige oansjen fan Noard-Nederlân, brûkt by it Energykongres fan it Keuning Instituut yn Grins, die my tinken oan de senario's dy't Rykswettersteat sa'n 20 à 30 jier lyn opsteld hat. Troch it wurkjen fan de ierde sakket Nederlân stadichoan. Yn it earste senario waarden de Waadeilannen opjûn. It twadde like wol wat op boppeneamd kaartsje. De gouden hoep is trochbrut-sen en hiele stikken Fryslân lizze foar eb en flood.



Boarne: neffens Provincie Groningen, Rob Roggema (strategie en omgevingsplanning), tekening Studio van Stralen.






Foto: Klaas Bouma

Noarske Ekofiskfjild, yn kalkstien boarre wurdt. Op syn slimsten soe dat in heale meter wurde kinne.

By in mooglik tichtdraaien fan de gaskraan giet it eins allinne oer skea oan de natoer. Wichtich genôch, mar foar Fryslân is like wichtich wat der mei de diken bart as der oan beide siden gas en sâlt út de boaiem helle wurdt. Geologyske struktueren en brekken stopje net by de dyk. Benammen by it winnen fan gas sakket de boaiem noch jierren troch.

Posityf is dat der yn it noarden mei oare gebieten om de Noardsee hinne gearwurke wurdt om yn EU-ferbân eat oan it driigjende gefaar te dwaan. As it oer ûnderhâld en fersterkjen fan seediken giet, makket de hannelwize fan it Ryk jin net optimistysk. Tink mar oan it tsjinakseljen om by te dragen oan it opknappen fan de tebroazele asfaltlaach fan de seedyk by Swarte Hoanne, in oanlis dêr't it sels ferantwurdlik foar wie. Tink ek oan de diken op de eilannen, dêr't de seesiden fan 25 oant 94% ûnfoldwaande fan binne. Yn har jierrapportaazje seit de Provinsje : "Wy sille

omtinken freegjen bliuwe foar de finansiering fan de wetterkearingssoarch." Mar komt dat derfan?



De gasopbringsten meitsje fan de steat in wichtige belanghawwende. Foar alderhanne grutte plannen en projekten yn it westen fan it lân en de gefolgen dêrfan moat in slompe jild komme. Sa'n soad dat sels gebieten lykas Fryslân, dêr't it jild oppompt wurdt, fanwege 'regionale knelpunten van nationaal belang' op de ryksbydrage koarte wurde. De kraan tichtdraaie is dan gjin opsje.

Mar de grûn sakket en it wetter komt aloan heger. Schaap, foarsitter fan de Unie van Waterschappen pleitet mei hasten foar in nij Deltaplan en wiist dêrby benammen op de Waaddyk, dy't op termyn te kwetsber is. Wat sil sa'n Deltaplan foar Fryslân opsmite? Sille de

eardere senario's fan Rykswettersteat dêr in rol by spylje en de beskerming fan ekonomysk wichtige gebieten foar rang krije?

Fryslân wês wach!

Al mear as fyftich jier set de Ried him yn foar it behâld en it fersterkjen fan de Fryske taal. Al dy tiid binne wy drok dwaande om te soargjen dat foar ús bernsbarn en harren bernsbarn it Frysk beholden bliuwt. Mar de taal is keppele oan de boaiem fan Fryslân. As it lân der ûnder strûpt is it dien mei it Frysk! Dêrom kin de Ried him net beheine ta de taal allinne, mar sil er der ek achteroan moatte dat it lân der bliuwt. En dat moat no!

It Fryske lân moat bliuwe, ek yn de fiere takomst.



Mei in protte tam-tam wie op 26 april yn De Bres te Ljouwert prof. dr. A. de Swaan, it Nederlânske lid fan de High Level Expert Group on Multilingualisme, as gastsprekker oankundige neist minsken as P. Nieuwenhuijsen (NHL) en R. Salverda (FA) oer it tema 'Mear talen, mear takomst'. Omdat De Swaan oan de Europeeske Kommisje advisearje moat oer meartaligens soe it in skerp debat wurde 'yn it hol fan de liuw'. It wie nammentlik bekend dat de man it behâlden fan minderheidstalen as 'taalsentimentalisme' betitele hie. No wie de man wol sa wiis en lit it der net op oankomme. As de Friezen wiis mei it Frysk wêze wolle, dan hawwe se syn seine. Allinne net oerdriuwe fansels: alles op frijwillige basis en oaren der net lestich mei falle! De seal lei oan syn fuotten op in inkelde dwersbongel nei, dy't fan betinken wie dat soks wol hiel ûnrjochtfeardich wie en op termyn de ein fan de Fryske taalmienskip.



offisjeel wurdt yn Brussel praat oer de rykdom fan it taalferskaat, mar op praktyske grûnen mient net ien dêr wat fan. Soe De Swaan dat taboe as lid fan dy groep fan saakkundigen trochbrekke wolle?

Utgongspunten

Yn syn ferhaal giet De Swaan yn op de fraach wat neffens him goede argumenten binne om wat foar it Frysk te dwaan. Op hokker grûnen kin it behâld fan it Frysk regele wurde? As earste legitym argument neamt er it feit dat it brûken fan it Frysk de Friezen

Tom Dykstra

Mei prof. dr. De Swaan yn De Bres foar it Frysk

Oersetkosten

Ut syn bydrage en letter yn de diskusje blykt al gau dat De Swaan amper wat fan de taalsituaasje yn Fryslân ôf wit. Hy lit dat ek merkbite, mar de seal wol antwurden fan him hawwe op fragen oer it wol of net subsidiearjen fan it Frysk, meartalige opfieding en Frysk op skoalle en dy krije se dan ek. Sels sit er mei in hiel oar probleem, nam-

mentlik it mûnling en skriftlik brûken fan al dy steatstalen yn it bestjoer fan de Europeeske Uny. It brûken fan 26 talen mei alle swierrichheden fan it oersetten dy't dêr út fuortkomme (3000 tolken) is neffens him gekke-wurk, om oer de talen fan groepen sûnder in eigen steat mar te swijen. Ik kin my dat skoan yntinke. Neffens De Swaan is it in taboe-ûnderwerp:

lokkich meitsje kin. Wol wiist er der daliks op dat dy stelling ek gefaarlike kanten hawwe kin. De Swaan doelt dan

op terroristyske aktiviteiten om jins sin troch te setten. Mar hy priizget de Friezen dat hy no net bang hoecht te wêzen om hjir te wêzen. It is hjir gjin Spanje bygelyks.

It falt my op dat De Swaan dy jûn in pear kear oan geweld referearret. In masterlike set om te hifkjen yn hoefier't de seal it mei it Frysk mient en tagelyk hat it de funksje fan in tongerlieder: it jout gelegenheid om mooglike spanning by de minsken ôf reagearre te litten. Nee, hjirre yn De Bres, it hol fan de liuw, ferwachtet er ek gjin oerfalwein foar de doar, sa laket De Swaan. De seal gnysket mei en wit him gjin hâlding te jaan en hat gjin antwurd op dit lekskoaien.

Twads is der neffens de sprekker ek soks as 'kultureel erfgoed', oars sein in kollektyf kaptaal. Benammen skriuwers en politysy steane dêr noed foar en moatte it ferdigjen tsjin lju dy't der

neat yn sjogge. De Swaan sjocht mear yn it skreppen foar kultuerbehâld as yn it sa nedich bewarje moatten fan in taal.

Rjochten en plichten

Yn ús twatalige situaasje geane wy út fan de net-offisjele ôfspraak dat nij-ynkommelingen it Frysk nei in skoft op syn minst passyf behearskje. De Swaan kin dêr neat mei. As net-Frysktalige ynwenners fan Goutum of de Ljouwerter wyk Zuiderburen gjin Frysk leare wolle, dan is dat harren goed rjocht. Dat as gefolch dêrfan it Frysk dan net mear brûkt wurde kin en de Friezen neffens De Swaan syn eigen útgongspunt fan 'lokkich no ûngelokkich wurde' is foar him gjin probleem. Taal is kommunikaasje en taaltwang is ferkeard. Ekonomyske 'wetten' twinge en dy allinne meie dat dwaan: jo ha der ommers (yndividueel) belang by. As it brûken fan it Frysk Hollânsktaligen net 'lokkich' makket, dan hoege se gjin war te dwaan om it te learen.

Yn it begjin fan syn bydrage hat De Swaan it oer in trijetrepsraket hân: Frysk op lokaal, Hollânsk op nasjonaal en Ingelsk op ynternasjonaal nivo. Hiel

moai fansels, mar op lokaal nivo hawwe jo ek al mei meartaligens te krijen. En wa is no taalbaas? Is meartaligens allinne goed of ferplichte foar de Frysktaligen en meie Hollânsktalige ynwenners yn ús provinsje ientalich bliuwe?

De stipe fan De Swaan foar de stelling dat op basis fan de memmetaal in frjemde taal it bêste leard wurde kin is hiel moai fansels, mar as de memmetaal op it skoalplein en yn de lessen net klinkt of klinke mei, dan is sa'n útspraak in slach yn 'e loft.

Identiteit

De Swaan is fan betinken dat der sosjolingvistysk amper goede argumenten binne om in taal te ferdigjen. Oer 'taal en identiteit' is dy jûn ek net praat. Soks hie hy nei alle gedachten as 'taalsentiment' oerboard set. Yn syn tinken is it brûken fan it Frysk in lúkse. As dat guon Friezen lokkich makket, no fuort dan mar. Allinne, dan oarstaligen der net mei lestich falle!

Sa waard de seal, mei allinne lju dy't it goed mei it Frysk miene – sa as De Swaan nei in koart ûndersyk konstatearje koe – te plak set. Neat gjin 'Fan

geunst nei rjocht' en al hielendal net nei plicht! Dat jildt allinne foar it Hollânsk, want oars wurdt Fryslân as in efterstânsgebiet oanwiisd, mei as gefolch noch mear Hollânske toetsen foar jonge bern en better 'taalûnderwiis'. Dat is hiel wat oars as yntegraal taalûnderwiis, dêr't skiedend deputearre Mulder sa foar yn 'e pleit west hat.

Evaluaasje

Jo soene jo ôffreegje kinne oft 'wittenskippers' dy't te min fan ús taalsituaasje ôf witte, wol ús goede fertsjintwurdigers yn Brussel wêze kinne. In protest nei 'ús' regear yn De Haach sil gjin effekt hawwe, mar neat dwaan is altyd mis fansels. Mar hawar, de man wie nei De Bres ta kommen, 'yn it hol fan de liuw', en dêr waard er mei hantsjeklappen foar beleanne. Sa binne wy Friezen dan ek wer. Wy hâlde de rêch rjocht al wurdt de flier ek mei ús oanfage.

As ik fuort gean stiet der gjin oerfalwein foar de doar ...

Folchoarderswierrichheden yn it Frysk (I)

Yn de didaktyk fan it Frysk op de skoallen liket de lêste jierren wat omtinken te kommen foar de goede folchoarder fan de *tiidwurden* yn it Frysk. Foar de folchoarder fan oare wurden, lykas **dêr** en **hjr**, is dat omtinken der amper of net. Net mei rjocht, tinkt my. Dy hawwe yn de sin in plak dat gauris ôfwykt fan de Hollânske folchoarder. Under ynfloed fan dy lêste taal kin dat plak yn in Fryske sin op in slûpende wize ferskove en feroarje en liede ta syntaktyske ynterferinsje. Dat probleem fertsjinnet lykas de tiidwurdsfolchoarder likegoed mear omtinken.

Ik lis yn dit artikeltsje de klam op it plak fan **hjr** en **dêr** yn de sin. Swierrichheden mei oare wurdjes kinne dan letter wolris op it rabat komme. As der in stjerke (*) by stiet, dan doocht de folchoarder net.

Sytze Hiemstra

Kom *net hjir!

Kombinaasjefragen

It deart my oan as ik in kombinaasje hear (of lêse) lykas yn de kop fan dit stikje stiet: Kom *net **hjr**! Tinkt men dan net: 'Doocht dat wol?' Is dat ek net it gefal as men sinnen tsjinkomt lykas: Ik haw in lampke **dêr/hjr**; Sy wennet hielendal **dêr**; Hy komt nei **hjr**; Dy wei rint (net) lâns **hjrre**; Dat die se dus **dêr**; Ek **hjrre** moat dat kinne; Dat leit noch **dêr**; Hy komt allinnich mar **hjr**; Jou dat mar even **hjr**. Moatte de fetprinte

bywurden fan plak **hjr** en **dêr** net (ferplichte) foar de oare skeanprinte wurdjes stean? My tinkt fan wol.

No giet it boppe benammen om kombinaasjes fan ferskillende bywurden mei it bywurd fan plak: *dêr(e)/hjr(re)*. Dêr binne wy der net mei, want wat tinkt jo fan de neikommende bywurdkombinaasjes: Sil ik it *alfêst* (net, earst, leaver) **no** keapje? Do kinst it better **dan/daliks** dwaan! Wurkest ek (net,

altyd, faak, allinnich, wer, mar, leaver, better) **jûns**? Moatte de fetprinte bywurden fan tiid winliken net foarop?


Hoe sit soks mei oare wurdsoarten lykas foarnamwurden? Bygelyks bywurdkombinaasjes mei oanwizende foarnamwurden as *dy, dat, dit* en *dizze*: Kinst better **dy** delsette; Ik sil *efkes* **dat** oprêde; Dan wol ik aanst **dit** oan hawwe; Ik ha dus net **dit**; Ik haw leaver **dy**; Sy docht it ek **sels**? Hiel wat kombinaasjes klinke ús

grif raar (Hollânsk) yn 'e earen, mar is alles ûnfrysk? Is der wolris oer skreaun? En by wa komme sokke kombinaasjes foar?


Wat is der oer skreaun?

Oant no ta is der net folle oer soksoarte gefallen publisearre. S.W. Douma (= Douwe Kalma, yn it Frysk taeleigen-boekje. It túch derút, 1946) en Jan Stienstra (yn Taalboek foar beginners, 1982⁹) jouwe mar in pear foarbyldsjes, wylst ek yn Foar de taalspegel (1984) wat te finen is (of is it eins better om te skriuwen: 'wylst yn Foar de taalspegel ek wat te finen is?'). Kalma jout op it stik fan de wurdfolchoarder 'mar in pear lytse dingen' sa't er sels seit: Kom **eens hier**: Kom **hji** ris! Kom ris harren (s. 16). Stienstra jout yn in oefening in pear sintsjes om te ferbetterjen: Kom ***ris hji**; Dat is ***mar goed ek** (Suver Frysk VII, s. 61). Al syn oare foarbylden hawwe mei de tiidwurdfolchoarder te krijen. Foar de taalspegel befettet allinnich inkelde probleemgefallen mei **ek** en **hji** (s. 77-

Hee, kom ris **hji**



Nee, kom **hji** ris



78): Dat is ***mar goed** (moai) **ek**; Kom ***mar hji**; Sjoch ***ris hji**; Dat is de reden dat ik ***net hji** wie. Dat hie yn geef Frysk wêze moatten: Dat is **ek mar goed** (moai); Kom **hji** mar; Sjoch **hji** ris; Dat is de reden dat ik **hji** net wie.

In net maklik (wittenskiplik) artikel fan Jarich Hoekstra mei de lange titel *In nijsgjirige folchoarderbeheining yn it Frysk en it spjalten fan foarnamwurdljike bywurden* (yn: *Philologia Frisica*, anno 1993, Ljouwert, FA 1994) is foar ús doel fan mear belang. Hoekstra hat foar falkju skreaun en brûkt sadwaande nochal spesjalistyske taal. Hy besiket om soksoarte fan folchoarderferskillen tusken it Frysk en it Hollânsk yn in teoretysk ramt te setten en te ferklearjen. It docht bliken dat gâns kombinaasjes dy't der wol op troch kinne yn it Hollânsk, yn it Frysk net tastien binne. Yn it Frysk komt it

folle krefter. J. Popkema referearret yn syn *Grammatica Fries* (2006) ek oan dat artikel (s. 286).

Hji en dêr

Yn it Hollânsk binne neffens Hoekstra twa folchoarderfarianten goed. It kin yn dy taal lije en sis of skriu: Kom **eens hier** (daar)/**hier** (daar) **eens**! En: Kom **eens hierin** (**daarin**)/Kom **hier** (**daar**) **eens in**! Fan 'echte' Hollanners heart men frijwol altiten de earste fariant. Yn it Frysk is allinnich de lêste fariant mooglik: Kom **hji** ris; Kom **hji** ris **yn**. De frekwinte Hollânske folchoarder beynfloedet it Frysk fan Frysktalige jonge(re) minsken al ier en betiid as se tefolle Hollânsk hearre (en lêze). Mar by net-Frysktaligen dy't it Frysk letter leard hawwe, bliuwt de Fryske sinbou ek in probleem. By harren kinne wy tsjinkomme: Knotter

komt ***aanst hji**; Set dat ***ekes dêr** del; Gean ***ris hji** stean; Ik kin dat ***better dêr** lizze; Wý sille dan ***flugger dêr** wêze; Miskien leit it ***al hji**; Asto ***daliks dêr** biste; Dat leit ***net** mear **hji**-**re**; Ik wol ***leaver hji** stean, ensfh.

Sinbouswierrichheden mei twa bywurden efterinoar jilde net allinnich foar kombinaasjes fan **hji**/**dêr** mei ris, mar komme likegoed foar yn 'e mande mei (oare) bywurden. Bygelyks mei modale wurdjes lykas **ek**, **dan**, **doch(s)**, **no**, **mar**, **wol** ensfh. In stikmannich foarbylden; earst de goede Fryske folchoarder en tusken heakjes de gauris opmurken ferkearde:

- Hast it programma **hji** ek (***ek hji**)?
- Wennet dyn suster **dêr dan** (***dan dêr**)?
- Sjoch **hji** (**dêr**) **dôchs** (***dôchs dêr**)!
- Lis dat boek **dêr no** (***no dêr**)!
- Set dy blommen **hji mar** (***mar hji**)!
- Ik gean **dêr wol** stean (***wol dêr**).

Utsein by modale wurdjes, komt it ferskynsel ek foar by oare, almeast bywurdeftige wurdjes lykas **al**, **noch** en **ek** (graad), **net** (ûntkenning) en **wer** (tiid):

- Is Breimer **hji** al (***al hji**)?

- Leit Dykstra syn boek **dêr** noch (*noch **dêr**)?
- Tsjonge, jo **hji**r ek, Hiemstra? (*ek **hji**r)?
- Van der Bij hat **hji**r net mear west (*net [mear] **hji**r).
- Doe siet Valk **dêr** wer (*wer **dêr**)!

Net allinnich yn kombinaasjes fan (twa) bywurden kin it mis gean, mar likegoed yn dy fan in bywurde mei in foarnamwurde. Sjoch mar:

- Gerbrandy leit **hji**r ien del (*ien **hji**r). [ien is in ûnbeskaat foarnamwurde]

Wy sjogge dat yn it Frysk **hji**r en **dêr** winliken altiten foarop stean moatte. In útsûndering is bygelyks: Hy hinget it **dêr**. De folchoarder ***dêr** it (it is in beskaat foarnamwurde) is ûnmooglik. Folle flaters sille der net mei makke wurde, omdat yn it Hollânsk ek mar ien folchoarder mooglik is: Van der Veen hangt het **daar**. Fan de kombinaasje ***daar** het kin itselde sein wurde.

Hjir en **dêr** kinne dus yn 'e regel net brûkt wurde nei lytse net-bûgbere wurdjes (partikels). In sin as: Bliuw *mar **dêr**! kin der perfoarst net op

Bliuw mar **dêr**



Bliuw do **dêr** mar!



troch as dêr ferwiisd wurdt nei immen/eat binnen in tekst (taalkontekst). As der lykwols streekrocht (fer)wiisd wurdt nei in earder neamde persoan of saak yn in konkrete taalgebrûkssituaasje, dus bûten in tekst om, yn in situaasje dy't foar de peteargoaten bekend is, dan soe men dêr in fraachteken by sette kinne: Bliuw [?]*mar **dêr**! Yn sa'n direkte, konkrete werklikheidsituaasje kin der neffens Hoekstra twivel wêze oft de folchoarder altiten wol sa ferkeard is. Foar in ferwizing nei in plak binnen in tekst (taalkontekst) is dy twivel der net en dêr sille wy yn de ûnderwiispratyk ornaris mei te krijen hawwe.

Dy twivel liket der ek te wêzen as men mei gefoelsklam (emfatysk) de langere wjergaders **hji**rre en **dêr**e brûkt. Hoekstra pleatst by sintsjes as: Smyt de bal [?]ris **hji**rre (yn it plak fan: **hji**rre

ris); of: Smyt dy klean [?]mar **dêr**e (yn pleats fan: **dêr**e mar) allinnich in fraachteken en gjin stjerke. Hy sjocht dy farianten lykwols as net botte linich en frijwat ûngebrûklik yn it Frysk. Wy kinne se sadwaande mar better skouderje en bûten de taalstandert hâlde.

Hjirre en **dêr**e begjinne dan lykwols al wat te lykjen op oare plak- en rjochtingsoantsjittings dy't wêl efter modale partikels stean kinne: Smyt dy bal ris **nei** heit [= dêre]!; Smyt dy klean mar yn 'e waskkoer [= hjirre]! Soe dat it ferkeard brûken fan **hji**r(re) en **dêr**(e) ek fersterkje? Dat wol my wol oan. Yn in oare *Swingel* noch wat oare gefallen.

Underwiis

Flaters mei **dêr** en **hji**r binne benammen op te heinen út de mûlen fan Hollânsktaligen dy't letter Frysk leard

hawwe, mar komme wat langer wat mear ek foar by ús 'Fryskpratende' jongerein. Dêr kinne wy allinnich wat oan dwaan as it probleem sjoen wurdt. Jonge bern soene al safolle geef Frysk hearre moatte dat se de goede folchoarder oanfiele. En it ûnderwiis, benammen it fuortset ûnderwiis, soe **mear** **tiid** krije moatte om op in didaktysk goede wize de taalregels op it rabat te bringen. Dêr kinne jo oan meihelpe troch stipper fan de *Feriening Frysk Underwiis* te wurden. Dy feriening wol op syn minst likefolle tiid foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal as dat der foar it Hollânsk beskikber is. Boppedat moat it Frysk neffens de FFU foar alle learlingen in ferplichte eksamenfak wurde. It útgongspunt is dat it Frysk lykweardich en lykberjochtige oan it Hollânsk heart te wêzen. Dat soe mear mooglikheden jaan om alderlei taalregels (goed) oan te learen. Soks freget no ienris tiid.

Yllustraasjes: Janne Heida

Al wer in hynder yn 'e sleat

Jabik van der Bij



Joop Atsma

Ferline hjerst hat de Ried in diskusje mei takomstige Twadde-keamerleden organisearre yn De Bres oer de posysje fan it Frysk en wat der fan de nije keamerleden wat dat oangiet te ferwachtsjen foel. Ien fan de saken dêr't oer praat waard wie Omrop Fryslân. It wie benammen Joop Atsma fan it CDA dy't tocht dat de Twadde Keamer der net

oan woe dat Omrop Fryslân troch de oerheid oars behannele wurde moat as oare regionale stjoerders. Doe't ik as foarumfoarsitter derop wiisde dat dêr tusken Ryk en Provinsje dúdlike ôfspraken oer makke binne, koe ik dat net streekrijocht oantoane omdat ik op dat stuit de Bestjoersôfspraak net yn de binnenbûse hie. Dêrom kom ik der hjir nochris op werom. Atsma woe ha, Omrop Fryslân is yn 'e eagen fan 'Den Haach' in gewoane regionale stjoerder en kin dêrom net op ekstra (finansjele) stipe rekkenje. Oare regionale omroppen soene dat dan ek hawwe moatte.

By it ôsluten fan de Tredde Bestjoersôfspraak, sa't dy makke is tusken Ryk en Provinsje, is yn ferbân mei it gegeven dat it Frysk de twadde Ryskstaal is, rekken holden mei de útsûnderingsposysje dy't Omrop Fryslân ynnimt. Op side 21 fan de 3e BFTK (= Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer) stiet:

Het Rijk bevordert dat Omrop Fryslân op basis van het Fries als tweede rijkstaal, voldoende middelen heeft om een volledige en volzijdige programmering te realiseren.

Ik kin dêr net oars út lêze as dat Omrop Fryslân:

1. **net** lyksteld wurde kin oan oare regionale stjoerders yn Nederlân,
2. in folsleine en brede programmearing fersoargje moat
3. en dêr foldwaande (dus ekstra) middels foar krije moat.

Neffens my kin Omrop Fryslân dat no net wier meitsje omdat dêr de middels ta ûntbrekke. Wa't regelmjittich nei dizze omrop harket of sjocht, wit dat der noch lang gjin sprake is fan in folslein en breed programma. It nijs beheint him hast allinne ta it regionale nijs: it safolste hynder dat yn de sleat rekke is. Harkers en sjoggers heakje ôf omdat hja mear wolle en skeakelje op it lêst oer nei it nijs op Radio 1 en lanlike TV-netten. Krekt troch dy beheining ta de



regio kriget Omrop Fryslân in âldfrin-
zich karakter mei in protte âldwive-
praat, mei ekskusen oan âldere froulju.
Foar in part leit dat oan de profesjona-
liteit fan guon meiwurkers, mar it
wurdt nammerste mear yn 'e hân
wurke troch de regionale beheining by
it kiezen fan ûnderwerpen.

Dat soe bêst oars kinne. De filosofy
efter de bestjoersôfspraak is dat jo yn it
Frysk itselde dwaan kinne as yn it
Hollânsk. Ek nasjonale en ynternasjo-

nale saken kinne yn it Frysk bepraat
wurde. Der binne gjin domeinen of
gebieten dêr't it Frysk net foar brûkt
wurde kin¹. Trochdat de Omrop him
by it nijs ta de eigen regio beheint,
kriget it programma it karakter fan
lyts, folkloristysk en ûnbelangryk. Ik
gean derfan út dat de opstellers fan de
bestjoersôfspraak en it Hânfêst dat net
bedoeld hawwe. Omrop Fryslân kin
dêr in berop op dwaan as er dêrta
mear middels nedich hat. As de
Europeeske Kommisje fan Eksperts

skielk wer materiaal sammelet foar har
rapportazje oan it Ryk, dan moat dêr
ek op wiisd wurde.

Mei it allegearre wat negatyf oerkom-
me, dat is net de bedoeling. Ik rekkenje
my ta de 'freonen fan de Omrop'.
Krekt dêrom dit dochs wat krityske
stikje. Freonen meie krityk op elkoar
ha. Ik wol derop oanstean dat de
Omrop in folweardige stjoerder wurdt.
De lêste desennia hat Omrop Fryslân
der foar soarge dat Frysk op radio en
tillevyzje 'gewoan' wurden is. Ek al fine
de omropmeiwurkers dat hja gjin taal-
befoarderers binne, har bestean tankje
hja foar in grut part oan it Frysk as
twadde rykstaal.

Tagelyk moat der dan wat dien wurde
oan it profesjonalisearjen fan de mei-
wurkers. Fan de meiwurkers mei easke
wurde dat hja in brede maatskiplike
oplieding hân hawwe yn it heger
ûnderwiis en dat hja troch byskoalling

soargje dat hja 'by de tiid bliuwe'. Hja
meie net ûnderdwaan foar lanlike
mediameiwurkers. Dêroerhinne moatte
hja it Frysk folslein ûnder de knibbel
hawwe.

Oan ien fan de Ljouwerter hegeskoal-
len moatte de meiwurkers foar regelm-
jittige weroplieding terjochte kinne.
Dat mei op grûn fan deselde bestjoers-
ôfspraak foar de earste taal yn Fryslân
dochs ek wol easke wurde?

1 Yn dit ferbân kin ik ferwize
nei it belied by de
Sorbyске omrop. It nijs-
bulletin mei wrâld- oant
regionaal nijs op it hiele
oere wurdt yn it Sorbysk
brocht. Krekt sa'n bulletin
wurdt op it healoare yn it
Dútsk lêzen. Sa wurdt bet-
ter stal jûn oan de lyk-
weardigens fan de talen.

Wetterskip Fryslân en Frysk taalbelied:

hoe't slûpendewei ús taal ûnderstek dien wurdt

Tom Dykstra

As it oer de swakke posysje fan it Frysk as gebrûkstaal giet, dan kin men gauris hearre dat soks benammen komt troch de sloppe taalhâlding fan de Friezen sels. No is dêr grif wat fan wier, al moat fansels wol de fraach steld wurde hoe't soks komt. It taalgedrach fan de measte Frysktaligen wurdt ommers sterk beynfloede troch de taalmacht fan it Hollânsk. Lang net altiten is men yn ús provinsje frij om it Frysk te brûken en dan is it brûken fan it Hollânsk de feilichste wei, ek al soe dat hielendal net needsaaklik wêze. Mar ek as men de rêch rjocht hâlde wol, kin men yn in frjemde situaasje bedarje. Sa is skaalfergrutting by Wetterskip Fryslân in behindering foar Frysk taalgebrûk.

De situaasje

Yn 2006 skille ik mei de ôfdieling belesting fan it Wetterskip Fryslân om mear ynformaasje en mooglik oerlis oer in beskaat gefal. Nei't ik trochferbûn wie mei in meiwurkster en myn

ferhaal die, waard ik ûnderbrutsen mei de fraach oft ik op it Hollânsk oergean woe, omdat sy it Frysk net (goed) ferstie. Ik woe it earst hast net leauwe, dat in wurknimmer fan Wetterskip Fryslân yn in balyfunksje gjin Frysk ferstie en my freonlik 'twong' om op it Hollânsk oer te stappen. It wetterskip, dat woartele is yn dizze provinsje en syn wurk docht op kosten fan en foar de feiligens fan de Fryske mienskip!

Nei't ik ynearsten wegere om my samar te ferbrekken, begûn ik har út te

lizzen wêrom't ik fan betinken wie dat sa'n fraach der eins by troch wie en dat sy it Frysk op syn minsten passyf behearskje moatte soe. It frommeske frege doe oft it net better wie dat sy immen oars fan de ôfdieling dy't it Frysk wol yn 'e macht hie, freegje soe om my te wurd te stean.

Analyze

Op it earste gesicht liket soks in moaie oplossing, mar dat is it net fansels. As dy wurknimster net daliks beslút om

in kursus Frysk te folgjen, en dy garânsje joech se my net, dan sil yn in folgjend tillefoanpetear mei in Frysktalige in selde situaasje ûntstean fan 'it Frysk net ferstean kinne'. Har earste fraach oan my wie net oft se immen oars freegje soe, **mar se frege my om fan taal te switsjen**. Pas letter, nei't ik beswier makke hie tsjin har útstel om op it Hollânsk oer te gean, woe se in kollega freegje om it petear mei my fuort te setten.

Nei't ik by it wetterskip op grûn fan de **klachteregeeling** beswier makke hie, kamen de pipen út de sek: **it wetterskip hie it beânderjen fan tillefoanyske reaksjes útbestege oan in belsintrum yn Alphen aan de Rijn!** Net yn Fryslân dus, hoewol't it adres fan de tsjinst yn it brief in plak binnen ús provinsjegrinzen oanjoech. Ik miende mei ien fan it wetterskip yn Stiens te skiljen, mar ik krige immen yn Súd-Hollân oan de tillefoan.

No wie it Frysk net hielendal fergetten, sa't it wetterskip my letter yn de reaksje op myn klacht meidielde. De ôfspraak wie makke dat der op syn minst ien meiwurker oanwêzich wêze moast dy't it Frysk (passyf) behearske. Noch ôfsjoen fan it feit oft yn ús taalgebiet net sokke belsintra binne, witte wy dat Frysktaligen har mar al te maklik ferbrekke, benammen yn situaasjes fan ôfhinklikens sa as dizze. De twatalige lost it 'probleem' op en de ientalige (yn ús gefal immen dy't it Frysk net behearsket) sjocht dan gjin needsaak om it Frysk te learen. Boppedat jilde de ôfspraken oer it brûken fan it Frysk allinnich binnen ús provinsje en net yn Súd-Hollân.

Dit taalkonflikt makket wer dúdlik dat yn in tiid fan fierdere skaalfergrutting eins alle ynweners fan Nederlân de twadde rykstaal (it Frysk) op syn minst passyf yn 'e macht hawwe moatte soene om foar te kommen dat dy taal net brûkt wurde kin. Op syn minst moatte alle meiwurkers fan it belsintrum yn Alphen aan den Rijn it Frysk passyf behearskje. (Oarsom wurdt der fan Frysktaligen nochal wat mear

frege: it Hollânsk net allinnich passyf, mar ek aktyf behearskje, sawol mûnling as skriftlik.)

Troch in belsintrum yn Alpen aan de Rijn yn te skeakeljen – en ek noch sûnder dat de belder soks yn 'e rekken hat – is in lang besteande Fryske organisaasje as it wetterskip in Frysk-ûnderdrukkende ynstelling wurden. Mooglik net as beliedsdoel, mar wol as in feit. De reaksje fan de meiwurker fan it belsintrum yn Alphen aan de Rijn om in kollega te freegjen it petear oer te nimmen, kaam te let. It wetterskip joech dat yn syn skriftlike reaksje op myn klacht ek ta.

Hoe soe it oars moatte?

Yn de *Tredde bestjoersôfspraak Friese taal en kultuer 2001-2010* wurdt oanjûn dat de *Algemene wet bestuursrecht* (1995) it brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear regelet. De provinsje Fryslân hat yn de maitiid fan 1996 in modeloarding opsteld foar gemeenten en wetterskippen. Yn de ambysjeformulearring oant 2004 fan de neamde bestjoersôfspraak is opnommen dat ryk en provinsje harren ynspanne sille dat personielsleden mei in balyfunksje, wurksom by in

(semy-)oerheidsynstelling yn de provinsje Fryslân lykas in wetterskip, kurses Frysk oanbean krije om de aktive kennis fan de Fryske taal te fergrutsjen.

Posityf dus, mar is dat ek op de meiwurkers yn Alphen aan de Rijn fan tapassing? Neffens it wetterskip net: as der mar ien oanwêzich is dy't it Frysk ferstean kin, dan is it al goed. In lapmiddel, want it is net praktysk om hieltiten in tillefoanyske reaksje nei dy kollega trochspylje te moatten. Yn myn gefal waard dat earst ek net dien. Pas doe't ik op prinsipiële en ek praktyske grûnen beswier makke, waard it útstel dien om in oaren-ien it petear fuortsette te litten.

Konklúzje

De konklúzje kin net oars wêze as dat dizze wurknimster – salang't se it



Frysk net behearsket – by it wetterskip gjin balyfunksje hawwe kin. It is ek de fraach oft it útbesteegejen fan tillefoanyske kontakten mei syn klanten oan in belsintrum yn Súd-Hollân mei mar ien wurknimmer dy't Frysk ferstiet, net yn striid is mei wat ôfsprutsen is yn de tredde bestjoersôfspraak. Troch de klanten yn it ûnwisse te litten oer de taalfeardigens fan balymeiwurkers, fiert it wetterskip Fryslân in taalbelied dat yn 'e praktyk delkomt op in slûpend proses fan tsjingean of opkearen fan it brûken fan it Frysk.

Yn de evaluaasje fan de tredde bestjoersôfspraak soe dit gefal oan de oarder komme moatte, omdat soks struktureel net ynoarder is en yn striid mei wat der earder ôfpraat is.

De FFU freget om help

Underwiis is in wichtich, mooglik wol it wichtichste, maatskiplik ynstitút foar de kultueroerdracht en de kulturele ûntjouwing. Om te learen hoe't men de eigen en oare talen op nivo brûke moat en jong en âld yn 'e kunde te bringen mei it mienskiplike kultuerbesit.

Underwiis yn it Frysk is foar it bestean fan de Fryske taal en kultuer fan libbensbelang. Troch de druk fan de Hollânsktalige mearderheid yn Nederlân wurdt it rjocht op ûnderwiis yn eigen taal lykwols al sûnt de Frânske tiid systematysk ûntkend as 'net goed foar jo bern'. Of as 'ûnfatsoenlik' en 'onvaderlandslievend'. In hiel grut part fan de skoalbestjoeren, fan de masters en juffers hat gjin wjerwurd en folget sokke opfettings noch altiten slaafsk. Of tinkt it te drok te hawwen mei 'oare' saken. De ieuwen-

lange yndoktrinaasje troch oplieding en ynspeksje hat djippe wûnen slein. Dêr hawwe wy noch alle dagen slim lêst fan. Nettsjinsteande alle wetlike maatregels dy't der foar it Frysk al binne. Wetlike maatregels dy't boppe dat noch lang net foldwaande binne, benammen net yn it fuortset en it spejaal ûnderwiis. It kommen ta goede wet- en regeljouwing is by ús sadwaande in spearpunt. Op ús webstek kinne jo dêr folle mear oer lêze:

www.fryskebeweging.nl, oanklikke

Feriening Frysk Underwiis.

De *Feriening Frysk Underwiis* is sûnt 1987 warber om de posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis te ferbetterjen. Untstien út in ploechje Fryske âlden dat tige ûntefreden wie mei de kwantiteit en de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op ús skoallen. Wy binne der wiis mei dat de FFU dat dwaan kin as in *ûnôfhinklike* organisaasje, ek finansjeel. Wy hoege dus net ien nei de mûle te praten. Wy dogge dat troch op te arbeidzjen mei oare Frysksinnige organisaasjes, oerlis te hawwen mei politike partijen en it provinsjaal bestjoer en troch gebrûk te



meitsjen fan ynsprekmooglikheden. Mar ek troch it becommentarierjen fan noata's en it dwaan fan ferbetteringsútstellen, it stjoeren fan brieven en oare stikken nei oanlieding fan foarnommen en útfierd belied op ûnderwiismêd. Yn guon gefallen wurdt der ek kontakt socht mei yndividuele skoallen, de ynspeksje en guon âlden.

As bestjoer fan fiif man (en noch gjin frou) kinne wy sels lykwols net alles neikomme. Wy hawwe der suver in deitaak oan. Lju dy't niget hawwe oan wet- en regeljouwing en meitinke kinne en wolle oer it Europeesk, steatsnasjonaal, provinsjaal en gemeentlik taal- en ûnderwiisbelied soene wy wiis mei wêze. Mar ek lju dy't bygelyks yn in *klokliedersgroepke* meidraaie wolle om misstannen op it mêd fan de Fryske taal en kultuer yn de skoallen te sinjlearjen en dêr mei ús wurk fan te

meitsjen. Faaks fiele guon nei in skoftke wol wat foar in plak yn ús bestjoer. Mar ek lju dy't oare, mear losse putsjes foar ús dwaan wolle, hawwe wy ferlet fan. Miskien hawwe jo sels ek wol in idee wat dat lêste ynhâlde moatte soe. Fertel it ús.

Wy wolle dus sa sterk en manmachtich mooglik wurde. Wa mei it hert op it goede Fryske plak is ree om lid te wurden fan de FFU (€ 10,00 jiers)? En wa soe wol graach wat dwaan wolle, as jo mar wisten hoe?

Hoefolle âlden hawwe harren yn de rin fan de tiid net lulk makke, omdat se machteleas stiene foar de lieding fan de skoalle fan de bern oer as it gong om it jaan fan goed en genôch Frysktalich ûnderwiis? Ut grutte argewaasje binne wy yn 1987 begûn en hawwe de skouders derûnder setten. Wa folget ús? Lid wurde? Graach! Wat dwaan? Noch leaver! It is foar it Frysk 'now or never'!

T. Dykstra, foarsitter, 0515-331868
S.T. Hiemstra, skriuwer, 0512- 518927
Ed Knotter, *ponghâlder*, 0512-381447
e-post: ffupost@hotmail.com

Underwiismoeting

foar learkrêften en studinten

24 – 27 oktober 2007

Fan woansdei 24 oktober oant sneon 27 oktober 2007 is der in moeting foar learkrêften en studinten ('Lehrertreffen') út Noard-, East- (ynklusyf Sealterlân) en Westerlauwersk Fryslân. It doel is om de ynterfryske kontakten te fersterkjen en om ynformaasje út te wikseljen. De moeting wurdt mei yn Westerlauwersk Fryslân organisearre fanwegen **100 jier Frysk yn it ûnderwiis** (www.meartalenmeartakomst.nl). De learkrêften út de Dútske Fryslannen komme op woansdeitejûn oan en útfanhûzje by gastgesinnen.

De tongersdeis wurdt in besite brocht oan de trijetalige basisskoalle 'De Tsjelke' te Holwert en oan de twatalige skoalle foar spesjaal ûnderwiis, 'Skoalle Lyndensteyn' (lichaamlk beheinde learlingen fan 3-20 jier) yn Beetstersweach, wêrby't ek oefene wurdt mei de nije ynteraktive cd-rom 'Mei Pier op aventoer'. De jûns stiet in

besite oan de *Fryske Akademy* op it aljemint, mei bydragen fan de algemien direkteur, prof.dr. Reinier Salverda oer de taal- en oare aktiviteiten fan dat ynstitút, fan dr. Alex Riemersma oer 'Mercator: Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen' en fan drs. J. Dijkstra oer de 'Fryske TARSP', in toets om efterstannen yn de Fryske taalûntwikkeling nei te gean.

De freedse komme de learkrêften de moarns yn 'e kunde mei de aktiviteiten fan it *Taalsintrum Frysk* (Cedin) en de



mear talen mear takomst

learmiddels dy't dêr ûntwikkele wurde foar it fak Frysk en foar it trijetalich ûnderwiis. De middeis geane de learkrêften nei *Omrop Fryslân* dêr't einredakteur Geart de Vries de learkrêften ien en oar sjen en hearre lit oer it gearstallen fan en de wurdearring foar Frysktalige skoalletelevyzje en -radioprogramma's.

De sneontemoarns wurdt de moeting ôfsletten mei in besite oan it Frysk *Histoarysk en Letterkundich Sintrum 'Tresoar'* te Ljouwert. De direkteur, drs. Bert Looper, jout ynformaasje oer it gebou, it wurk en de kolleksje (bgl. Aldfryske teksten).

Op tongersdeis wurdt der ek noch in besite brocht oan museum't *Fiskershúske* te Moddergat en op freed oan it *Natuurmuseum Fryslân* te Ljouwert.

De organisaasje is yn hannen fan de *Fryske Rie* yn 'e mande mei it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de *Fryske Akademy*. Mear ynformaasje op www.fryskerie.nl



Jierferslach 2006 fan de Ried fan de Fryske Beweging

Op de jiergearkomste op 20 april 2007 hat de Ried it jierferslach oer 2006 besprutsen en fêststeld. Sa'n ferslach moat neffens de easken fan de Provinsje oanslute op de begrutting, dy't yn termen fan risseltaten en effekten opsteld wurdt. Hjirûnder stiet it ferslach yn in foar de Swingel wat gaadliker foarm.

Wurkgroep Topografyske Nammen

De leden fan dizze wurkgroep binne oan it begjin fan dit jier ophâlden mei harren frijwilligerswurk foar de Ried. De wurkgroep is opheft. Fan gefolgen is oan it neiswyljen fan eardere produkten en it der foar soargjen dat it

'Ynlistel oer it brûken fan it Frysk yn ferienings' op mear plakken komt, neat dien.

Oare lju hawwe dwaande west mei it plan om in oantreklike en oansprekkende DVD (mei bygelyks teksten, lietsjes, ferhaaltsjes en filmkes) te ûntwikkeljen om jonge âlden bewust te meitsjen fan de wearde fan de Fryske taal foar harren bern.

Sy hawwe dêrfoar

- neigien wat as tekst (taljochting, ferhaaltsjes, lietsjes), lûd (ferhaaltsjes, lietsjes) en byld (fideo) opnommen wurde kin/moat en hoe't se dat op in oansprekkende wize útwurkje (litte) kinne; ek op it omslach. Faaks sil in psycholooch en/of in reklame-saakkundige der by belutsen wurde moatte;
- neigien wat der op dit of soartgelikens mêd oan brûkber materiaal oanwêzich is;
- útsocht wat it gaadlikste momint

fan it oerlangjen oan de âlden is (mooglik by de berte fan in bern);

- útfûn op wat foar wize de DVD it bêste ûnder de minsken brocht wurde kin;
- rûze hoefolle eksimplaren oft der jierliks sawat nedich binne;
- ynformearre nei de kosten fan it meitsjen fan sa'n DVD en fan de jierlike kosten fan it fermannichfâldigjen en it fersprieden yn it winske tal;
- besjoen oan hokker ynstellings it meitsjen en fermannichfâldigjen en it fersprieden opdroegen wurde kin.

It ûntwerp en de ynhâld fan de DVD is fierhinne klear. Saken oangeande it fermannichfâldigjen en fersprieden/útjaan moatte noch beoardere wurde. As de DVD ûnder âlden fan poppen en lytse bern ferspraat wurdt, kin ferwachte wurde dat dy âlden earder en bewuster omgean sille mei it twatalich (ek yn it Frysk) grutbringen fan harren bern.

Redaksje Swingel

De redaksje hat de kopij garre foar trije útjeften fan Swingel. Nûmer 14 hie 24 siden, nûmer 15 hie 20 siden en nûmer 16 hie 28 siden. Dat is folle mear as de neistribbe mannichte fan trije nûmers fan sechtjin siden. De lêzers hawwe folle mear ynformaasje krigen.

Sosjaal-ekonomyske Kommisje (SEK)

Guon leden fan dizze kommisje hawwe ferskate kearen ynsprutsen by de tarieding fan it streekplan. Se hawwe omtinken frege foar aspekten dy't gefolgen hawwe kinne foar it karakter fan de Fryske mienskip, de taal, de kultuer, it beskikbere arbeidsoanbod en de wurkgelegenheid, mei as doel dat der in better streekplan út fuortkomme soe.

Der binne tariedingen makke foar it opsetten fan in netwurk yn de Ried foar it registrearjen fan bedriuwen,

ynstituten en organisaasjes dy't geregeld it Frysk aktyf brûke, om dêr in wytboek fan gear te stallen, by te hâlden en te publisearjen. Dat moat útrinne op in stimulâns foar mear bedriuwen, ynstânsjes en organisaasjes om ek (of mear) Frysk te brûken.

Yn 'e mande mei de Ynternasjonale Kontaktkommissje (YKK) is wurke oan de saaklik-finansjele opset fan de tarieding en it yn produksje bringen fan in selskipsspul foar en oer lytse taalgebieten yn Europa. It materiaal is foar trije taal minderheden fierhinne printree makke. Prikken binne yn it wurk set om Europeeske subsydzje oan te freegjen. By eintsjebeslút sil by de taal minderheden dy't oan dit projekt dielnimme in selskipsspul yn gebrûk komme dêr't de kennis oer en de kontakten mei de oare taal minderheden mei befoardere wurde.

Politike Kommissje

De politike kommissje bestiet út Annet van de Hoek (âld-Twadde-keamerlid foar de PvdA), Arno Brok (foarsitter fan de ôfdieling Fryslân fan de VVD en boargemaster fan Snits), Gerben

Gerbrandy (wethâlder foar de FNP yn Wymbritseradiel), Kobus Walsma (Earste-keamerlid foar it CDA). De kommissje hat yn 2006 in trije kear byelkoar west. Belangrykste ôfspraak is dat de kommissje nei de Twadde-keamerferkiezings in petear ha sil mei de Fryske Keamerleden oer in tal ûnderwerpen dy't foar it Frysk fan belang binne: Omrop Fryslân, it foech oer it Frysk yn it ûnderwiis, de taalwet en it Frysk yn de media. Hja ha dêroer kontakt lein mei Henk Postma as 'ús man yn De Haach' om dy besite ta te rieden. De moeting sil wêze op 28 maart 2007.

Fryske Reklamepriis

De kommissje hat de útrikking fan de Fryske Reklamepriis 2006 taret, dy't op 25 april 2006 syn beslach fûn hat. Dat inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging en de Freonen fan Omrop Fryslân wurdt stipe troch de Provinsje Fryslân en de stjoerders Omrop (Reklame) Fryslân en Waterstad FM. Dit jier gie de radiopriis nei it Universitair Medisch Centrum Groningen (UMCG) en foar tillevyzje nei garaazje Haaïma te Ljouwert. Yn tsjinstelling ta foarige jierren binne de

prizen net op in feestjûn yn De Harmonie útrikt, mar yn de showromte fan garaazje Haaïma op it yndustryterrein op De Hemrik te Ljouwert. Ek it UMCG wie dêr oanwêzich.

Om foar te kommen dat it feestjûnkonscept net mear goed wurkje soe, is keazen foar de opset om de priis 'op lokaasje' út te rikken. In bedriuw kin op dy wize better yn de skynwerpers komme. By de útrikking hawwe neist leden fan de kommissje en fan de sjuery, ek guon fan de priiswinners en fan it reklameburo oan it wurd west.

Yn de hjerst fan 2006 is de kommissje út ein set mei de tarieding fan de priisútrikking 2007 (oerlis mei sjuery oer de seleksje-kritearia en oer it opstellen fan in begrutting mei oerlis dêroer mei in provinsjaal amtner).

Hoewol't in útrikking op lokaasje syn eigen sfear hat en foar it priiswinnend bedriuw ekstra 'reklame' betsjut, hat it ek twa beswieren:

- it tal oanwêzige ûndernimmers bleau wat oan de lytse kant.
- net elk bedriuw hat safolle romte om de útrikking in massaal karakter te jaan.

De evaluaasje fan it eksperimint fan 'útrikking op lokaasje' wie dan ek sa dat de kommissje op syk gie nei in oare opset (partner) mei wol in massaal karakter, mar finansjeel helber.

It risseltaat wie dat de ûnôfhinklike sjuery út 54 radiospots kieze koe (6 troch Waterstad ynstjoerd en de oare troch Omrop Fryslân) en dat der foar de tillevyzjepriis 19 reklameboadskippen wiene, allegear brûkt yn it jier 2005. It tal radioboadskippen wie wat omheech gien, wylst it tal by de tillevyzje dit jier wol frij heech wie mar der in soad werhellings by sieten. Neist de bekende sjeks (€ 4000 oan radioreklamesekonden en € 2500 foar de tillevyzjepot) krigen de priiswinners in byldsje fan Grutte Pier mei ynskripsje. Foar it reklameburo wie der in eksimplaar yn lytser formaat neffens it echte byld yn Kimswert.

De ferliking fan de tallen Frysktalige spots yn ûnderskate jierren is maklik te mjitten, mar de kommisje hopet dat it útrikken fan dy priis ûndernimmers en reklameburo's oan it tinken set om tenei ek it Frysk yn reklamespots te brûken. Dêrom siket de kommisje safolle mooglik de publisiteit. De stjoerders fan Omrop Fryslân en Waterstad FM hawwe omtinken jûn oan de priis (útrikking). It parseberjocht oer priiswinners en útrikking is opnommen troch tolve organisaasjes/media. By de útrikking wiene in hûndert minsken: persoanel fan Haaima, fertsjintwurdigers fan it UMCG en belangstellenden út it bedriuwsliben en de reklamewrâld. Yn de beide Fryske deiblêden is it berjocht fan de útrikking opnommen en yn de LC fan freed 16 juny is in paginagrut artikel opnommen nei oanlieding fan petearen mei Leo Dykstra (reklameburo) en

Tom Dykstra (koördinator Fryske Reklamepriis). Op it webstek fan it UMCG is omtinken jûn oan it winnen fan de priis en Haaima en Leo Dykstra joegen ek yn harren reklameboadskippen omtinken oan it feit dat se de Fryske Reklamepriis 2006 wûn hiene.

Ynternasjonale Kontakttekommisje (YKK)

De YKK hat meiwurke oan it regeljen en útfieren fan in skoalle-útwikseling tusken skoalle De Frissel te Feanwâlden en in basisskoalle yn Kramarzyny (Kasjübië) yn Poalen. De skoalbern hawwe oer en wer kennis nimme kinne fan elkoars taal en kultuer. De skoalbern – fan beide kanten – hawwe sa mear omtinken en wurdearring krigen foar harren eigen taal en kultuer.

Twa leden hawwe oan it FUEV/FUEN-kongres yn Budy_in/Bautzen oer ûnderwiis en meartalichheid dielnommen. In wiidweidich ferslach dêrfan stiet yn Swingel nû. 16. Troch de ynformaasje oer it ûnderwiis yn ferskate minderheidstaalgebieten binne de dielnimmers ynspirearre foar nije mooglikheden yn har eigen regio's.

Fierder wie de YKK fertsjintwurdige op in konferinsje fan de autonome regio Súd Tirol-Trentino, yn oparbeidzjen mei de FUEV/FUEN yn Bozen/Bolzano.

Yn 'e mande mei de Sosjaal-ekonomyske Kommisje (SEK) is wurke oan de saaklik-finansjele opset fan de tarieding en it yn produksje bringen fan in selskipsspul foar en oer lytse taalgebieten yn Europa. Dêr is hjirboppe al oer skreaun, by de Sosjaal-ekonomyske Kommisje.

www.Doar.nl

Oant de simmerfakânsje hat de hiemside fan Doar prima funksjonearre. Yn 'e hjerst bliek dat der ûndúdlikens wie oer de finansjele stipe dy't Doar fan de Ried kriget, dy't ein 2006 noch net oplost wie. De Ried is dwaande om kontakt te lizzen mei Doar om út te sykjen wêr't de swierrichheden krekt lizze, dat Doar wer sa goed mooglik funksjonearje kin.

Wurkgroep P.R./ Promoasje en Akwisysje

Yn de praktyk rinne de wurksumheden fan beide wurkgroepen yninoar oer.

Dêrom wurde se hjir yn ien azem behannele.

De Ried besiket yn de parse safolle mooglik omtinken foar it Frysk te freegjen. Dat bart troch ôfskriften fan brieven nei de parse te stjoeren en parseberjochten út te jaan oer ûnderwerpen dy't spylje. De kranten hawwe yn 2006 om en de by tweintich kear skreaun oer it wurk fan de Ried. Yn de redaksjestikken is de Ried ek in kear as tsien neamd. Dêrnjonken hat Omrop Fryslân in kear of tolve omtinken jûn oan wurksumheden fan de Ried.

Yn 2006 binne der nije struibriefkes makke om, as him soks foardocht (û.o. útrikking fan de Reklamepriis en De Fear yn 'e Broek), it wurk fan de Ried ûnder de eagen fan de ynwenners fan Fryslân te bringen.

Yn 2006 is de hiemside hielendal op 'e nij ynrjochte. Net allinne stiet it Nijts der op, der is ek in Foarum dêr't minsken har miening yn jaan kinne oer in stelling en om dêr kommentaar by te jaan. Besibbe organisaasjes dy't sels net in hiemside hawwe kinne troch in 'link' meiliftsje op de side fan de Ried. De Ried sjocht troch it dellizzen fan

de Swingel yn de wachtkeamers fan (toske) dokters in goede mooglikheid om Fryske saken en it wurk fan de Ried breder bekend te meitsjen.

Yn novimber is troch de Ried yn De Bres yn Ljouwert in jûn belein mei it each op de ferkiezings foar de Twadde Keamer. De fiif grutste partijen hiene listkandidaten ôffurdige. Se wiene alle-gearre posityf foar it Frysk oer. Ien fan de wichtige konklúzjes wie dat it in hiel goed ding is om mei de Fryske Keamerleden geregeldwei oerlis te hawwen. Der moat benammen foar soarge wurde dat se goed op 'e hichte binne. Brieven tastjoere is net genôch.

Meldpunt Taaldiskriminaasje

Der binne in pear kear saken trochjûn oan it meldpunt taaldiskriminaasje. Spitigernôch is net te efterheljen wat der mei de oanbelangjende meldings dien is. Yn it kommende jier sil aksje ûndernommen wurde om it funksjoenearjen fan it meldpunt te optimalisearjen.

Underwiiskommisje

Sjoch it ferslach fan de FFU.

De Fear

Dit jier is de Fear op in feestlike jûn útrikt oan Aaipop yn Nijlân. De belangstelling foar de útrikking wie grut. It Fryske karakter fan Aaipop op it mêd fan de popmuzyk hat al jierren in positive ústrieling foar it Frysk as gefolch hân. De Fear foar Aaipop wie dan ek tige fertsjinne.

Ried, bestjoer en administraasje

Ein jannewaris 2006 kaam ús lid Rindert Straatsma hommels te ferstjerren. Syn fertsjinsten foar it Frysk, de Fryske kultuer en de Ried fan de Fryske Beweging hawwe tige grut west. De Ried hat mei Rindert in lid ferlern dat him oan syn ein ta altyd folslein foar de Ried en de doelstellingen fan de Ried ynsetten hat. Syn krityske bydragen hawwe ús faak fierder holpen. Wy misse him.

Riedsgearkomsten hawwe der west op 14 jannewaris, 11 maart, 20 april, 5 septimber en 7 novimber. It deistich bestjoer kaam tsien kear gear.

Op de jiergearkomste fan 20 april waarden trije nije bestjoersleden beneamd: Wolter Jetten, Bareld Nijboer en Renze Valk. Dêrnei bestie it bestjoer

út Jabik van der Bij (foarsitter), Renze Valk (skriuwer), Bareld Nijboer (pong-hâlder), Reinder Bil (2e foarsitter), Wiebe Lageveen (lid) en Wolter Jetten (lid). De bestjoersgearkomsten waarden bywenne troch de adviseurs Geeske Krol-Benedictus en Jan Breimer.

By de Ried oansletten selskippen binne: Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (1844); Kristlik Frysk Selskip; Stichting Ôns Bildt; It Frysk Boun om Utens; Jong-Fryske Mienskip; Federaasje fan Fryske Studinteferienings; Feriening Frysk Underwiis; It Frysk Amateur Toniel.

De Ried is oansletten by of fertsjintwurdige yn de AFUK, de Fryske Rie, de Nederlânske Kommisje fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen, Omrop Fryslân, de Fryske Klub Ljouwert en de Federale Uny fan Europeeske Nasjonaliteiten (FUEN).

Baukje Westra hat wer trou de administrative saken fan de Ried regele.

Sûnt de hjerst fan 2006 fersoarget Gryt Elsinga de ferslachjouwing fan de

Rieds- en Bestjoersgearkomsten. It bestjoer is dêr tige wiis mei.

Húsfesting

De húsfesting oan it Keetwâltsje foldocht noch hieltyd skoan. De Ried is tige tefreden oer de fasilititeiten dy't bean wurde.

Feriening Frysk Underwiis (FFU)

Bestjoer

It bestjoer bestie yn it begjin fan it jier út T. Dykstra, foarsitter, S.T. Hiemstra, skriuwer, R. Straatsma, skathâlder, E. Knotter, Th. van der Veen en G. Gerbrandy. Nei it hommels ferstjerren fan ús tige wurdearre skathâlder ein jannewaris 2006, is Knotter ta syn opfolger beneamd. Foar Straatsma is noch net in oar bestjoerslid beneamd.

It bestjoer kaam alve kear gear. Dykstra en Hiemstra fertsjintwurdige

de FFU yn de Ried fan de Fryske Beweging. Hiemstra is yn it plak kommen fan Van der Veen. Gerbrandy sit foar de FFU yn it EBLUL en Hiemstra ferfangt him as it nedich is.

De Fryske Kanon

Op 1 febrewaris organisearre de FFU syn húshâldlike gearkomste en oansluttend yn 'e mande mei it Pedagogysk Wurkferbân (fan de Fryske Akademy) en de seksje Frysk fan de VLT in mienskiplike jiergearkomste yn It Aljemint oer In Fryske Kanon. In lid fan de lanlike kanonkommisje makke ús dêr dúdlik dat syn kommisje gjin Fryske kanon gearstalle koe. Wy hawwe ús dêrnei ta de Provinsje rjochte. It ferslach fan beide gearkomsten is oan te klikken op ús webstek: www.fryskebeweging.nl/FFU/Ferslaggen.

Kontakten en gearkomsten

Der hawwe gâns kontakten (15 kear) west mei de Provinsje (politisj, amtners en de wurkgroep Frysk en Logopedy, dêr't Hiemstra lid fan is) oer taalkwaliteit, taaloerdracht, in taalwet en testynstruminten foar de logopedy. By inkelde gelegenheden is ynspursen (Dykstra, Knotter). Der hawwe ek in protte kontakten en oerlisfoarmen west mei oare organisaasjes en persoanen (18 kear), benammen mei de Ried, it Pedagogysk Wurkferbân en de Fryske Akademy (oer taalkwaliteit, taaloerdracht, in taalwet en in oanfalsplan foar it Frysk). Inkelde skoallen hawwe wy oanskreaun oer haren taalbelied. Hiemstra hat op 23 septimber yn de moarnsgearkomste fan de Stichting Slach by Warns in ynliding holden oer de winsklikens fan in taalwet foar Fryslân.

Brievens en oare stikken

Der binne 14 brievens útgien en trije ynpraakbydragen levere. Brievens meastal yn 'e mande mei de Ried oan bygelyks de Twadde Keamer oer lykeardige, spegele keardoelen yn it basis-, it fuortset en it spesjaal ûnderwiis, de ferplichting fan it Frysk as

eksamenfak yn it hafû en it tariedend wittenskiplik ûnderwiis (twû) en de ferplichting fan it Frysk as fak en as ynstruksjetaal yn it regulier en it spesjaal ûnderwiis. Oan de Provinsje oer de Fryske Akademy as sintrum foar minderheidstalen; de gefaren dy't Mercator rint; it ûntwikkeljen fan in kanon foar de Fryske taal en kultuer; in reaksje op de ûntwerpûnderwiisnoata 'Boppeslach' en de ûntwerpnoata 'Frysk Taalbelied 2007-2010, better sichtber, mear fertroud'. Oan de CHN oer it taalbelied, in ferplichting fan it Frysk foar studinten fan bûten de provinsje en it winsklike programma. Fierders hat de FFU de kristlike basis-skoalle 't Foarhûs yn Drachten en it bestjoer dêrfan oanskreaun oer it slim tekoartsjittende ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer op dy skoalle.

Der is mei út namme fan de Ried ynspursen oer 'Boppeslach' by de Steatekommisje Boarger & Mienskip, by it Konsultatyf Orgaan oer de útfiering fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen en by it provinsjaal debat 'Fryske Fiersichten 2030'.

Op it webstek fan de FFU binne 11 ynkommen brievens of oare stikken te

finen ûnder Aktiviteiten & Brievens. In koarte omskriuwing fan de foarnaamste útgien en ynkommen stikken is dêr te finen, faak mei in skeakel (link) nei de folsleine ûnderlizzende teksten (sjoch boppe).

Publisiteit

Omtinken oan it krewearjen fan de FFU is jûn yn de Swingel (12 kear), de Leeuwarder Courant (12 kear) en it Friesch Dagblad (4 kear). De oanbelangjende artikels en oare teksten binne almeast ek te finen op it webstek fan de FFU ûnder Aktueel, Poadium en Sjerp & Jittik.

Argyf

Us argyf is foar in part oerdroegen oan Tresoar.

Weromsjen en foarútsjoch

De FFU konstatareart dat yn dit ferslachjier it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer hjir en dêr lytse stapkes foarút makke hat, mar dat der noch in hiel soad wurk te dwaan is foar De Ried en de FFU. Benammen it ynspesjerapport 'Frysk op skoalle' (2006) drukt ús weris mei de noas op de feiten.

Oantekens oangeande de riedsgearkomste fan de

Gryt Elsinga

Ried fan de Fryske Beweging op 20 april 2007

Oanwêzich: Reinder Bil (foarsitter), Tom Dijkstra, Maria Delgrosso (Ljouwerter Krante), Sytze T. Hiemstra, Wolter Jetten, Froukje de Jong-Krap, Wiebe Lageveen, Siemen Lont, Jaap Rinzema, Renze Valk, Hans Weijer en Gryt Elsinga (ferslach)

Mei kundskip ôfwêzich¹: Jaap van der Bij, Jan Breimer, Geeske Krol-Benedictus, Bareld Nijboer en Durk van der Schaaf

1. Iepenjen

Reinder Bil, de fise-foarsitter iepenet om goed healwei achten de gearkomste. Der is in spesjaal wolkom foar Froukje de Jong-Krap fan Stichting Ôns Bildt. Reinder begjint mei in, ynformeel, tankwurd oan Wiebe Lageveen, dy't it ponghâlderskip oerdroegen hat oan Bareld Nijboer. Wiebe sil tenei de bestjoersgearkomsten as adviseur bywenje. Offisjeel sil ôfskie fan him nommen wurde as de foarsitter en ek de oare bestjoersleden oanwêzich binne.

2. Meidielings en ynkommen stikken

- De aksje om de Ried te fersterkjen, hat sin hân. De reaksje fan de Stifting

Doarpswurk wie yn earste ynstânsje net ôfwizend oer it oansluten by de Ried fan de Fryske Beweging. Fan de Fryske Rie stiet it oansluten der oan te kommen en sa't it no liket slút it FK him ek oan. Guon organisaasjes, lykas de Freonen fan Omrop Fryslân, hawwe it noch yn berie.

- It Kristlik Frysk Selskip bepraat moarn oft it oansletten bliuwe sil by de RfdFB. Foar it bestjoer fan de RfdFB kaam dat útstel as in skok. It is spytich dat dy diskusje ûntstien is, mar der sit neat oars op as it beslút ôf te wachtsjen.

3. Fêststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt sûnder wizigings fêststeld.

4. Oantekens fan de gearkomste fan 5 septimber 2006

Tekstueel: Hans Weijer wie mei kunds-

kip ôfwêzich. De oantekens wurde dêrmei fêststeld.

5. Jierferslach 2006

It jierferslach jout in detaillearre oersjoch fan alle saken dy't yn 2006 spile hawwe.

Renze Valk jout in taljochting op produkt nû. 3: In DVD ûntwikkelje om jonge âlden bewust te meitsjen fan de wearde fan de Fryske taal foar harren bern. Provinsjale Steaten wolle in 'Rêchsekje Taal' útbringe. Us DVD, dy't al fierhinne klear is, soe dêr prima yn passe. It bestjoer is dêr no oer yn ûnderhanne-ling mei de Provinsje. Ut de gearkom-

ste komt de suggestje om in rige DVD's te ûntwikkeljen foar bern fan ferskate âldens. Der wurdt ek opmurken dat it oerlangjen oan de âlden by de berte fan in bern eins al te let is. Men soe mei it bewust meitsjen fan de wearde fan de Fryske taal en kultuer al folle earder begjinne moatte.

Produkt 4, redaksje 'Swingel'

It blêd is goed fan ynhâld, it sjocht der fersoarge út en it ferskynt op 'e tiid. In wurd fan wurdearring foar de redakteur is op syn plak.

It jierferslach wurdt mei tank oan Renze fêststeld.

6. Ferslach fan de ponghâlder

- **Wiebe Lageveen** jout in taljochting op de sifers en beäntwurdet de fragen nei tefredenheid.
- Der hat in kaskontrôle west en it

finansjeel ferslach is dêrby goedkard.

- It ûntwikkeljen fan de DVD('s) komt ek noch efkes op it aljemint. It bestjoer kriget foar de ûnderhannelings mei de Provinsje in folslein mandaat foar maksimaal € 15.000.
- De suggestje om **Swingels** yn fersoarings- en ferpleechhuzen del te lizzen – miskien net foar bewenners, mar foar de minsken dy't dêr op besite komme – wurdt troch it deistich bestjoer fierder besjoen. It ferslach fan de ponghâlder wurdt mei tank oan **Wiebe Lageveen** en **Bareld Nijboer** fêststeld.

7. Stân fan saken aksjes fan de Ried

Dat hat by punt 5 fan de wurklist (jierferslach) al oan de oarder west.

8. Winnen fan nije stipers

Reinder Bil en **Wiebe Lageveen** meitsje in plan om stipers te winnen.

9. Winnen fan nije oansletten organisaasjes

Dat hat by de 'meidielings' al oan de oarder west.

10. Omfreegjen

- Iepenbier debat mei prof. dr. Abram de Swaan op 26 april 2007 yn De Bres. De beneaming fan De Swaan yn de advyskommisje dy't it Europeeske taalbelied tariedt, is in klap yn it gesicht fan it EBLT. Professor De Swaan is it nammentlik net iens mei it útgongspunt dat minderheidstalen beholden bliuwe moatte. De fraach is oft de RfdFB noch protest oantekenje moat tsjin syn beneaming. Der wurdt besletten om earst it debat ôf te wachtsjen.
- Op it FUEN-kongres yn Tallinn stiet in bestjoersferkiezing op priemmen. Sels hawwe wy gjin kandidaat foardroegen. **Jaap Rinzema** stelt út om op immen fan in minderheid sûnder 'kin'-steat² te stimmen. Fierders is it de bedoeling om in fuotbalkompetysje tusken de oanwêzige minderheden te hâlden. It is foar de RfdFB spitigernôch net te dwaan om in alvetal op te stellen.
- De gearwurking mei Stichting Ôns Bildt stiet op dit stuit wat op in sêft sin. Der wurdt in ôfspraak mei it bestjoer makke om út te wikseljen wat beide organisaasjes foarinoar

betsjutte kinne: in goede gearwurking is yn it belang fan beide partijen.

De earstfolgjende Riedsgearkomste is op **freed 12 oktober³ om 19.30 oere** op it Keetwaltsje.

15. Sluten

Om 21.30 oere slút de fise-foarsitter de gearkomste.

- 1 It kin wêze dat it listke ôfmelders net folslein is.
- 2 In 'kin'-steat is in steat dêr't de oanbelangjende minderheidstaal de offisjele steats- en (almeast ek de) mearderheidstaal is, bgl. it Hongaarsk yn it kulturele 'mемmelân' Hongarije. Dêrbûten, bygelyks yn Roemeenje, is it Hongaarsk in net-unike minderheidstaal. It Frysk dêrfoaroer is in unike minderheidstaal dy't nêr de offisjele, nasjonale taal is fan in oar lân en sadwaande ek net in 'besibbe' steat ('kin-state') efter him stean hat dy't dy taal (mei) befoarderje kin.
- 3 Underwilens ferskood nei 26 oktober 2007.

Sykje jo goede doelen?

De fiskus hat de Ried fan de Fryske Beweging oanwiisd as in organisaasje dy't it algemien belang tsjinnet (lykas bedoeld yn artikel 32 lid 1, ûnderdiel 3 en artikel 33 lid 1, ûnderdiel 4 fan de Suksesjewet 1956). Dat hâldt yn dat jo alles dêr't jo de Ried finansjeel mei stypje, binnen beskate grinzen, foar de belêsting ôflûke kinne. It sil jo wol bekend wêze dat it stipersjild dêrtroch ôf te lûken is. Dat jildt ek foar finansjele stipe dy't jo oan de Ried jouwe foar spesjale aksjes. Wy neame hjir in pear saken dy't bot ferlet fan jild hawwe.

DVD Frysk- of twatalige opfieding

De Ried hat in DVD-projekt yn tarieding dat al in ein hinne is, mar dêr't noch jild foar komme moat. It giet om in DVD dy't wy oan de takomstige âlden fan lytse poppen jaan kinne om harren de foardielen en de mooglikheden sjen te litten fan in Frysktalige of eventueel twatalige opfieding. En dat op in attraktive wize. Dêr is skreauwend

ferlet fan. It sprekt al lang net mear fansels dat bern yn Fryslân it Frysk fan hûs út mei krije. Benammen yn relaasjes dêr't de iene helte Frysk en de oare helte Hollânsk of in oare taal praat, giet it meastal sûnder omtinken de Hollânske kant út. Datsoarte fan gefallen komt wat langer wat mear foar. Dat draacht der ta by dat it Frysk hurd efterútbuorket en oer net al te lange tiid de slach ferliest. Mei de DVD wolle wy berikke dat minsken dêroer neitinke en dat se bewust in kar meitsje. Ek, dat se ynsjogge dat it nochal wat foardielen opleveret – en net ûnmooglik is – om de bern yn it Frysk grut te bringen en hoe't dat it libben ferrykje kin.

Sa'n DVD wolle wy op alderhanne wizen fergees ûnder de jonge minsken bringe. Dêr moat jild foar op it kleed komme, want it oanmeitsjen en it ferrieden kin net fergees.

De Ried docht in berop op minsken dy't dit doel stypje wolle. Der hoege net iens safolle minsken in aardich bedrach foar oer te hawwen, dan is dy

DVD der samar. It skript leit klear en de makkers steane te springen om oan 'e slach te gean. Sykje jo in goed doel, dan is dit der ien. It nûmer fan ús bank is 29.80.19.930.

Der is noch sa'n goed doel.

Selskipsspul 'Fryslân en it Frysk'

De Kommisje 'Ynternasjonale Kontakten' fan de Ried is dwaande om in selskipsspul te ûntwikkeljen. Mei dat spul dogge de spilers kennis op oer Fryslân en de Fryske taal, oer de Europeeske Uny, oer de Ried fan Europa en de betsjutting dêrfan foar de rjochten fan minderheidstalen. It spul is ornearre foar Frysktaligen en net-Frysktaligen en kin spile wurde yn húshâldingen, op skoallen en op klups. It wurdt yn ynternasjonale foarm útwurke, dat oare minderheidstaalgelieten ûntwikkelje tagelyk har eigen fariant.

Soks is fansels fierstente djoer om dat kommersjeel op te setten. It moat sponsere wurde mei jeften fan mins-

ken en ynstellingen dy't dêr it belang fan ynsjogge. Sykje jo in goed doel? No dan! It nûmer fan ús bank is 29.80.19.930.

Legaten foar Stipefûns

De Ried hat in fûns dêr't aksjes yn it belang fan de Fryske taal en kultuer út stipe wurde kinne. Inisjativen dy't de muoite wurdich binne, mar net yn de beneaming komme by subsydzjefoerders dy't dêr yn earsten foar binne, kinne út dat Riedsfûns stipe wurde.

Minsken dy't mei plannen foar in legaat omrinne, wurdt frege en betink de Ried yn har testamint. De notarissen witte der meikoarten mear fan.

[It bestjoer](#)

Nije stickers

Der wie in tiid dat jo rûnom stickers oanplakt seagen mei 'Praat mar Frysk', 'De Fryske taal is hjir tige yn tel' en sokke mear. Dêr is noch hieltyd fraach nei, mar se wiene útferkocht.

De Ried hat koartlyn in nije searje fan fiif stickers meitsje litten, bedoeld foar thús, winkels, kantoaren, baly's fan ynstellingen en neam mar op. Ien dêrfan hawwe wy yn dizze Swingel meistjoerd. Foarop dizze Swingel steane se alle fiif.

Achte lêzer, helpe jo ús mei om se te ferspreden? Dan is de Ried op syn gausten troch de foarried hinne. Se binne op 't lêst net makke om se op it riedskantoar te bewarjen!

Bestel se telefoanysk (058-213 89 13) of troch in e-postberjochtsje te stjoeren nei: info@fryskebeweging.nl.

In rekkentsje stjoere wurdt te omslachtich, mar as jo in lytse jefte oermeitsje wolle foar de ûnkosten, dan is dat tige wolkom. Rekkennûmer 29.80.19.930, mei 'betanke foar de stickers' as meidieling.

“Wy prate hjir Frysk”

Fryske berte-advertinsjes en -kaartsjes

In tal riedsleden en stipers is dwaande mei it dokumintearjen fan Fryske berte-advertinsjes yn de kranten. It doel dêrfan is om sokke posityf Frysk ynstelde jonge âlden de helpende hân ta te stekken as se by it grutbringen fan de bern op alderhanne tûkelteammen stuitsje. Dat kin bygelyks troch lju yn itselde plak mei-inoar yn 'e kunde te bringen om sa ta 'presjegroepen' te kommen.

Der binne lykwols âlden dy't gjin advertinsje sette, mar wol Fryske bertekaartsjes stjoere. Dêrom dit ferlyk oan leden, stipers en lêzers fan de Swingel: Krijje jimme in Frysktalich bertekaartsje, freegje de jonge âlden dan oft se ek sa'n kaartsje stjoere wolle nei:

T. Lont
dr. B. Hornstrasingel 28
9251 AL Burgum

Frysk yn it sakelibben

Foar it Frysk is it fan grut belang dat it yn it sakelibben brûkt wurdt. Om soks te stypjen en te stimulearjen is de Sosjaal Ekonomyske Kommisje fan de Ried dwaande om nammen, adressen en teksten te sammeljen fan saken, bedriuwen, winkels, buro's en sa mear dy't geregeldwei Frysk brûke. It giet dêrby om Frysk yn oankundigings, advertinsjes yn kranten op radio en TV en struiblêden, mar ek op buorden, frachtweinen ensfh.

In aardich foarbyld is bgl. de Snackboy op it Frânske Pleintsje yn Drachten. Mei kryt stie der op in boerd skreaun: "Selsmakke gehakballen, krekt gjin kilo. Hiel lekker."

It sprekt foar himsels dat de SEK by dit sammeljen ferlet hat fan de help fan leden, stipers en lêzers. It doel is om hjir op ús webstee omtinken oan te jaan. Dêrom freegje wy jimme sokke ynformaasje troch te jaan oan T. Lont, dr. B. Hornstrasingel 28, 9251 AL Burgum.

It bestjoer

Committee of Experts hâldt harksitting

Foar 5 septimber binne alderhanne ynstellingen en organisaasjes dy't mei de Fryske taal te meitsjen hawwe, útnoege foar in harksitting op it provinsjehûs. Klusters fan sokke ynstellingen krije allegearre in beskate tiid om mei it Committee of Experts fan de Ried fan Europa te praten. Foar de lêzers fan de Swingel is it nijsgjirrich genôch om dêr wat mear oer te witten

Mei't ús lanlik regear it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden ratifisearre hat, is Nederlân 48 ferplichtings oangien wat útfiering fan dit Hânfêst oangiet. Ien dêrfan is dat in oanmerklik part fan it foarskoalsk en primêr ûnderwiis yn it Frysk oanbean wurde moat. De Rie fan Europa hat in Committee of Experts op it mêd fan it Europeesk Hânfêst. Dat ûndersiket de ymplementaasje fan it Hânfêst yn alle lidsteaten dy't it Hânfêst ratifisearre hawwe.

Ien kear yn de trije jier komt in delegaasje fan dat Committee of Experts del om yn in harksitting te fernimmen oft it lânsregear syn ferplichtings foar de minderheidstaal oer neikomt. By de organisaasjes en ynstellingen dy't

útnoege wurde giet it yn ús situaasje om ideëel Fryske organisaasjes (dêr't de Ried fan de Fryske Beweging ien fan is), ynstellingen op it mêd fan opfieding en ûnderwiis, oerheids- en juridyske lichems, ynstellingen op it mêd fan media en kultuer en yn de sosjale en ekonomyske sektor.

It belang fan de harksitting, en benammen fan it rapport dat nei oanlieding dêrfan makke wurdt, is foar it Frysk tige grut. Dat rapport jout de mooglikheid om it Frysk yn De Haach oan de oarder te stellen. It mei dan sa wêze dat in soad inisjativen oangeande it Frysk yn De Haach net heard wurde, it rapport fan de Rie fan Europa wurdt wol goed lêzen. Sa wie it rapport fan 2004 kritysker as dat fan 2001,

Sippy van der Meer

benammen op it mêd fan it ûnderwiis. Yn it earste rapport waard it ryksregear benammen 'encouraged' om beskate maatregels te nimmen, yn it twadde rapport waard it wurd 'to urge' brûkt. Dat hat der ta laat dat it Frysk yn De Haach wer op de agenda kommen is. Nei it ferskinen fan it twadde rapport is de minister fan OCW, nei wat politieke druk, mei in reaksje kommen. De fêste keamerkommisje foar ûnderwiis hat in grut tal fragen oer it rapport steld.

Hat de diskusje oer it rapport no ek fertuten dien? De direkte ynfloed is fansels dreech te mjitten, mar it hat grif wol ynfloed hân. In foarbyld dêrfan is bygelyks it feit dat der no foar it earst spesifyk romte makke is by de ûnderwiisynspeksje om tasicht te hâlden op it Frysk (noch net safolle romte, mar it is in begjin). Dat kin miskien net daliks oan it rapport taskreaun wurde, mar komt yndirekt wol fuort út de diskusje fan de keamerkommisje.

Mei de stipe fan it rapport is it ek makliker om beskate ûnderwerpen te agindearjen. Foar de provinsje is it posityf dat it omtinken foar it Frysk net allinne út Fryslân komt, mar ek út Europa. De lûden foar De Haach komme fan twa kanten. It is dêrom saak dat de komisje fan saakkundigen goed ynformearre wurdt. Dan kinne sy wer in kritysk (mar objektyf) rapport skriuwe, dêr't de politisy yn De Haach wer mei oan 'e slach kinne.

Sippy van der Meer is skriuwer fan it Konsultatyf Orgaan en stêfmeiwurker fan it Berie foar it Frysk.

Mear ynformaasje hjitroer kin opdippe wurde bij de Rie fan Europa (Council of Europe): http://www.coe.int/T/E/Legal_Affairs/Local_and_regional_Democracy/Regional_or_Minority_languages/ en by de lanlike oerheid: www.overheid.nl.

De Ried fan de Fryske Beweging

Wa't yn Fryslân libbet en wennet, hat wat mei Fryslân. Foar de iene is dat it lânskip, foar in oarenien de mentaliteit, de taal, it keatsen, it fee, it silen en neam mar op. Al jierren is der yn Fryslân in organisaasje dy't him ynset foar it karakter fan Fryslân: de Ried fan de Fryske Beweging

Wat is de Ried fan de Fryske Beweging?

De Ried fan de Fryske Beweging is as oerkoepeling fan in grut tal bewegingsorganisaasjes de belange-organisaasje foar minsken dy't wiis binne mei Fryslân en dy't har ynsette foar romte foar it Frysk en de Fryske kultuer. De Ried is in ûnôfhinklike frijwilligersorganisaasje.

Aktiviteiten fan de Ried binne:

- **Doar**
- **Politike lobby foar it Frysk**
- **Fear yn 'e Broek**
- **De Fryske Reklamepriis**
- **Swingel**

Doar

Dy't de jeugd hat, hat de takomst. In ploechje jongerein hat de foarstap nommen om in webstee foar skriuwendere jongerein op te setten, in platfoarm foar jonge minsken dy't yn it Frysk de 'pinne'

opnimme wolle. De Ried fan de Fryske Beweging stipet dit inisjatyf fan herten en wol sa in bydrage leverje oan it fuortsterkjen fan it Frysk as skreaune taal.

Politike lobby foar it Frysk

Op provinsjaal en lanlik nivo wurde aldergeduerigen wetten opsteld en regels útfurdige dy't streekrjocht of mei in omwei ynfloed hawwe op it Frysk. Al is it somtiden dreech wurk, mar dêr moat

op reagearre wurde yn de foarm fan skriftlike reaksjes of ynspraak. Sa hat de Ried yn it ferline mei sukses it omtinken fan de polityk frege foar it beroerde plak fan it Frysk yn it taalûnderwiis oan beukers.

Fear yn 'e Broek

Alle jierren rikt de Ried op it 'nijjerssûpke' de Fear yn 'e Broek út oan in persoan of in ynstânsje dy't him opfallend ynset

hat foar de Fryske taal of kultuer. Yn 2004 is de priis nei Bertus Postma gien. Hy hat him krige foar syn krewearjen foar Fryske wetternammen. Yn 2005 hat trener Gertjan Verbeek fan Sportclub It Hearrenfean him krige, om't er as nije Fries der foar keazen hat om mei de Fryske media Frysk te praten.

Yn 2006 waard de minsken fan 'Aaipop' de Fear yn 'e broek stutsen, om't dy organisaasje mei de muzykfestivals yn Nijlân de Fryske kultuer op in bysûndere wize stimulearret, en yn 2007 Frivius Energzy, fanwegen har Fryske útstrieling

Wiis mei Fryslân?

Utnoeging

foar de **gearkomste** fan de Ried fan de Fryske Beweging op freed 26 oktober 2007 om 19.30 oere, Keetwaltsje 1, Ljouwert

De leden fan de Ried krije de wurklist en byhearrende stikken tastjoerd. Behalven de leden binne de stipers wolkom. Stipers dy't de gearkomste bywenje wolle, wurdt oanret om dat foar 15 oktober oan it bestjoer witte te litten*. Se krije de gearkomstestikken dan ek tastjoerd.

Te behanneljen punten û.o.: Aktiviteiteplan 2008, Produktebegrutting 2008, De Ried en de lanlike polityk. Sjoch foar it ferslach fan de lêstholden Riedsgearkomste op 20 april 2007 yn dizze Swingel.

It bestjoer

* Leafst oer de e-post info@fryskebeweging.nl, oars mei in briefke nei Bestjoer RfdFB, Keetwaltsje 1, 8921 EV Ljouwert ûnder opjefte fan it adres dêr't de stikken hinne moatte.

De Fryske Reklamepriis

It brûken fan it Frysk yn radio- en televyzjereklame wint geandewei mear terrain. Om dat te stypjen hat de Ried fan de Fryske Beweging it inisjatyf nommen om alle jierren in priis út te rikken oan in bedriuw dat him dêryn fan de bêste kant sjen lit.

Swingel

Mei Swingel, it tydskrift oer Fryske taal en kultuer, krije jo trije kear jiers in skat oan ynformaasje yn 'e hûs. Aardige ynterviews, nijsgjirrige berjochten, pittige kollums. Yn Swingel fine jo ynformaasje oer tal fan Fryske organisaasjes.